MOASJE, ex artikel 27 Reglemint fan oarder

	FNP-steatefraksje 058-2925803 fnp@sis.fryslan.nl www.fnp.nl

- **Bij de foarsitter yntsjinje ûnder it oerlis oer it ûnderwerp**
- **Wizige of ynlûke útslutend troch de yntsjinner, salang noch gjin beslútfoarming plakfûn hat**
- **Behanneling fan in moasje fynt plak tagelyk mei it oerlis oer it útstel**

PS-gearkomste	19 april 2006
Wurklistpunt	07B Kaderbrief 2007
Underwerp	Tarieding Fryske Universiteit
Eftergrûnen	Yn paragraaf 14 Underwiis en Kennisynfrastruktuer is de fierdere útbou fan de Fryske Akademy ta ynternasjonaal universitêr kennissintrum yn it ramt fan de Fryske kennisynfrastruktuer neamd. Dit punt is noch net útfierd.
Oerwagings	*(liedende ta útstel)* By de ynset fan it Kolleezje yn de Kadernota 2007 stiet as earste punt dat de noch restearjende aksjepunten út it Bestjoersakkoart útfierd wurde sille. Boppedat stelt it Ryk no middels beskikber foar de 'Kenniseconomie' en is de Akademy op dit mêd in unyk sterk punt fan Fryslân dat fierder útboud wurde moat.
Te berikken doel	It restearjende aksjepunt 'Universitêr kennissintrum' wurdt in begjin mei makke.
■ Fersiket ☐ Ropt op ☐ Trunet oan ☐ Noeget út ☐ Is fan miening dat	*(oanjaan wat fan tapassing is)* Fersiket Deputearre Steaten in *task force* yn it libben te roppen dy't yn 2007 in Plan fan Oanpak foar de oprjochting fan it bedoelde universitêr sintrum opstelt, ynklusyf de finansjele konsekwinsjes. De kosten fan de *task force* en it opstellen fan it Plan fan Oanpak wurde opnommen yn de Begrutting 2007.
	en giet oer ta de oarder fan de dei
Yntsjinner (s)	(fraksje / namme / hantekening) FNP, Johannes Kramer